

TEKST 1 JOHAN DE JONG EN SYN MEIWURKERS FIERE RÊDINGSPLAN ÚT

- 1 It lytste ûltsje fan Nederlân, de stienûle, driget yn Fryslân út te stjerren. Der binne noch mar tolve oant fjirtjin pearkes yn de provinsje. Foar Johan de Jong fan Oerterp, dé ûleman fan Fryslân, alle reden om in rêdingsplan op te stellen. Ferline jier kaam er mei in plan fan oanpak.
- 2 “Oait wie de stienûle mei syn fûle giele eagen in bekende ferskinning. Hy nestele yn holle beammen, yn de holten fan stobbewylgen en âlde apelbeammen of yn in hoekje fan in âld skuorke of souder. Sûnt de fyftiger en sechstiger jierren is de soarte hurd achterútgien”, seit Johan de Jong. “Jonge stienûlen hawwe in protte ynsekten nedich. Troch de yntinsivearring fan de lânbou en it massale gebrûk fan ynsektisiden gie it sa’n fjirtich jier ferlyn dus mis mei de stienûle. Mar sa njonkenlytsen binne der wer mear ynsekten en mûzen en wurdt it leefgebiet foar de stienûle wer oantrekliker. It probleem is no folle mear dat der noch mar fiif isolearre populaasjes binne, dêr’t de lêste pearkes libje: by De Lemmer en Boalsert, by Harns en Sint Anne, yn de Lauwersmar en yn Súdeast- Fryslân. Mar fan de eigen oanwaaks fan dy fjirtjin pearkes kin de groei net komme. De populaasje is te lyts wurden om himsels yn stân te hâlden. Jonge stienûlen fêstigje har yn in rûnte fan op syn heechst trije kilometer fan it âlderlik nêst. Dus dat sjit net op, yn tsjinstelling ta goudûlen, dy’t wol 25 kilometer útfleane kinne. Wy pleatse no hûndert nêstkasten yn dy gebieten dêr’t noch stienûlen foarkomme. En wy hoopje dan op ymmigraasje fan stienûlen út de grinsgebieten fan Fryslân dêr’t folle mear fan dy ûltsjes sitte.”
- 3 Stienûlen hawwe neffens De Jong mar in pear hûndert meter nedich om fretten te finen. Dat boeren op har hiem in pear lytsskalige maatregels nimme neist it pleatsen fan nêstkasten, biedt wer hiel wat kânsen op útwreiding. “Moatst by in pleats wat rommelhoekjes meitsje, âlde skuorkes, fruchtbeammen en stobbewylgen stean litte, hjir en dêr ris in pealtsje delsette dêr’t in stienûle op sitte kin. Ik siet ris yn in skûltintsje by sa’n nij pealtsje. En doe seach ik hoe’t in stienûle dêr daliks sitten gie en begûn te jeien. Al sokke lytsskalige maatregels helpe. Jo kinne, as der net genôch mûzen binne, in mûzeruter meitsje mei wat strie deryn, wat minder faak de bermen meane by ûnferhurde paden en sleatten lâns en wat mear planten en blommen kweke dêr’t in soad gaadlike ynsekten – bygelyks ek nachtfinters – op ôfkomme. Ik hoopje dat dit nije plan krekt sa suksesfol wurdt as de maatregels dy’t wy foar de goudûle nommen hawwe.”
- 4 Net allinne de feroaring fan it lânskip en it brûken fan fergif yn ’e lânbou hat de ûlestân in stik lytser makke. De Jong: “Ulen sitte altyd yn de top fiif fan bisten dy’t slachtoffer fan it ferkear wurde. Der binne in pear knyppunten yn Fryslân: de Wâldwei by Garyp, de grutte sneldyk tusken Beetstersweach en Nij Beets, de dyk by Grou en de rotonde by De Jouwer. Benammen goudûlen waarden op dy plakken slachtoffer fan it ferkear. Ulen jeie sawat oardel meter boppe de grûn en kinne net sa hurd in oare kant út as der gefaar driget. Wy binne no yn petear mei Rykswekkersteat om te sjen oft der in pear maatregels nommen wurde kinne. It soe bygelyks skele as der in tried oanbrocht waard oer de pealtsjes flakby de dyk, sadat ûlen net mear op dy pealtsjes sitten geane. Miskien kinne oare pealtsjes wat fierder fan ’e dyk ôfsetten wurde of kinne der peallen fan fiif, seis meter pleatst wurde, sadat de ûlen folle heger oer it ferkear hinne fleane. Mear begroeiing yn de foarm fan boskjes en strûken soe ek helpe.” Faker meane, sadat der folle minder mûzen yn it hege gers sitte, sil neffens De Jong fanwege de hege kosten wol gjin opsje wêze.
- 5 Johan de Jong hat yn de santiger jierren de Wurkgroep Goudûlen Fryslân oprjochte. Yn 1975 wiene der noch mar acht briedpearen fan dy prachtige fûgel mei syn goudkleurige fearren, in dramatysk djiptepunt. De Jong en de earste trije frijwilligers begûnen mei it pleatsen fan nêstkasten by boeren. De Jong: “Kinst de measte boeren wol mei arguminten oertsjûgje fan it nut fan ûlen. It binne ommers mûzefretters. Mar fierwei de measte boeren fine goudûlen ek prachtige bisten. Se binne der grutsk op as der in pearke yn de skuorre briedt.”
- 6 Dochs binne ûlen ek hiel lang ferfolge

troch de minske. Se waarden deamakke omdat minsken se as spoeken, geasten of ûnheilsboaden seagen. Opsetten goudûlen brochten in soad jild op.

- 7 "Meneer De Uil" fan "de Fabeltsjeskrant" hat in soad goeds foar it imago fan de ûle dien", laket Johan de Jong. "Pas doe't se dat programma útstjoerden waard de ûle by it grutte publyk mear as in symboal fan wiisheid beskôge."
- De goudûle hat it yn Fryslân en Nederlân oprêden. Der binne no yn Fryslân wer sa'n 500 briedpearen en 2.000 yn de rest fan it lân. De Vogelbescherming Nederland jout de Wurkgroep Goudûlen Fryslân gjin stipe mear, dy moat op eigen skonken as stichting fierder. Stipers binne dan ek wolkom.
- 8 It is Johan de Jong syn grutste soarch as lanlik koördinator fan dy wurkgroep, dat it frijwilligerswurk yn stân bliuwt en de oandacht foar de goudûle net fersloppet. Benammen yn strange winters kinne in protte goudûlen omkomme fan de honger. In pear dagen

sûnder fretten is al genôch. Nije generaasjes boeren moatte ek oertsjûge wurde fan it nut fan de soarch foar ûlen.

Boppedat bestiet tanksij dy wurkgroep in unike en effektive ynfrastuktuer foar alle ûlesoarten. It binne ommers deselde hûndert Fryske frijwilligers fan de goudûlewurkgroep dy't no ek wer warber binne foar it behâld fan de stienûle.

- 9 "Wy moatte bliuwend elkenien motivearje dy't mei de ûlen dwaande is, frijwilligers en boeren. Wy bringe in nijsbrief út yn in oplage fan 12.000, wy leverje alle ynformaasje en de nêstkasten fergees oan de boeren dy't meiwurkje en wy hâlde om de trije jier in lanlike ûledei. It soe it moaiste wêze as wy lanlik ien grutte mienskiplike ûleferiening hiene mei aparte ôfdielingen foar elke ûlesoarte. Dan kinne wy ek ien tydskrift útjaan. Boppedat hâldst dan elkenien op 'e hichte fan alle ûlen en foarkomst datst allinne mar mei dyn eigen ûlesoarte dwaande bist."

Jelma Knol yn:

*Frysk tematydskrift nr. 8 (Natoer),
juny 2004.*

TEKST 2 DE KOLONISTEN NIMME FRYSLÂN YN

- 1 De Kolonisten fan Catan, Carcassonne, Warhammer. Sizze dizze eksoatyske nammen jo neat? Dan hawwe jo de lêste fiif jier net yn in boartersguodwinkel west. Boerdspullen binne nammentlik wer tige populêr. Wy staptten in spesjaalsak yn, sykjend om 'e spultsjes dy't it meast ferkocht wurde.
- 2 De doazen mei spullen binne heech opsteapele by de spultsjewinkel Spellekijn yn Ljouwert. Klassikers lykas Risk en Mens-erger-je-niet lizze tegearre noflik neist de moderne ferzjes Warhammer en Jakkiebak! Kippenkak! Wa't de winkel oan 'e Foarstreek ynrint, wurdt benammen troch de bysûndere tafels oanlutsen. Midsieuske lânskippen mei grutte kastielen en ridende tuorren, ôfbaarnde fjilden trochsnien mei fjochtgroppen: de ûntwerpers hawwe alles út 'e kast helle foar in sa moai mooglik resultaat. Hjir steane de pionnen net mear op in plat boerd, mar tusken hege beammen, op in lytse hichte of neist âlde fêstingmuorren.
- 3 Lennart Lindeman hâldt tafersjoch op de prachtige kreaasjes. Hy is sûnt goed fjouwer jier meiwurker fan Spellekijn en is dus goed op 'e hichte fan alles wat mei boerdspullen te krijen hat. Hokker doaze keapje de klanten no it meast? "De Kolonisten fan Catan steane by ús al fiif jier boppe-oan. It is fansels ek in hiel moai spul. Yn 'e winkel sizze wy altyd: keapje it mar en spylje it ris ...Is't net nei't sin, bring it dan mar wer. Dan krije jo daliks it jild werom."
- 4 De Kolonisten is neffens Lindeman in bêst spul om't it tusken de ien en oardel oere duorret. Oars as by Risk, dat faak dagen trochgean kin, binne de spilers fan Kolonisten wis fan in dúdlik ein. Tuskontiids kin gjinien it spul útsmiten wurde – ek hiel oars as by Risk – en wa't deroan meidocht, bedarret net sa gau yn in ferlerne sitewaasje. De Kolonisten is in hannelspul dêr't alle spilers in beskaving by opbouwe moatte. Troch it ruiljen fan grûnstoffen as erts, hout en stiennen kinst rykdom garje en dêrmei doarpen en stêden bouwe litte. It boerdspul is ynteraktyf: de spilers moatte mei-inoar ûnderhannelje en oerlizze. Wa't oan de gewoane útfiering net genôch hat, kin kieze út tal fan útwreidingsdoazen. Ynstee fan trije of fjouwer spilers kinne der dan fiif of seis minsken
- meidwaan.
- 5 It boerdspul Carcassonne hat in tal oerienkomsten mei it bekroande Kolonisten, wol is de opset wat ienfâldiger. Twa oant en mei fiif spilers moatte fan kartonnen kaartsjes in lânskip skeppe mei diken, greiden, doarpen en kleasters. Elkenien begjint mei sân pionnen, dy't op ferskate manieren ynset wurde kinne. Strûkrôvers, ridders, muontsen en boeren soargje elk op harren eigen wize foar punten. Wa't syn stikken it tûkst brûkt, kriget oan 'e ein de measte macht oer de stêd Carcassonne en wint dêrmei it spul. Ien spultsje duorret sawat in healoere. De Kolonisten en Carcassonne binne populêr om't se fierder geane as de 'gewoane' boerdspullen, tinkt Lindeman. "By Guozzebrief, Risk, Monopoly en Mens-erger-je-niet winne jo foaral trochdat je gelok ha. By de twa oare spullen draait it folle mear om eigen ynsjoch. Fansels, by Kolonisten kinsto ek mazzel ha, mar dat is yn gjin gefal it wichtichste."
- 6 Lytse bern hawwe in protte wille mei Jakkiebak! Kippenkak! Grutte houten hinnen, beskildere yn prachtige waarme kleuren, wa wol dêr no net mei boartsje? Twa oant en mei fjouwer spilers dogge yn trochsnie tsien oant fyftjin minuten oer in potsje. De bedoeling fan it spul is it ôfnimmen fan de fearren fan alle tsjinstanners. Elke hin hat plak foar fjouwer fearren, dy't oan 'e efterkant ynstutsen wurde kinne. De trofeeën, lytse houtjes mei deselde kleuren as de dielnimmende hinnen, fertsjinje de bern troch oare spilers fan it boerd te smiten – krekt as by Mens-erger-je-niet. Lindeman prizet de kwaliteit fan it spultsjemateriaal. "Alles is makke fan hout of fan hurd karton. De hinnen kinne by wize fan sprekken dwers troch de ruten smiten wurde... Mooglik dat allinnich it snaffeltsje der ôfbrekt."
- 7 By Warhammer stiet benammen it sels ûntwerpen fan spyltafels en it beskilderjen fan figueren en modellen sintraal. Hjir gjin saae pionnen, mar moai optúgde krigers, dy't elkoar op in libbensecht striidtoaniel te liif geane. Der binne ferskate farianten fan dit populêre spul yn 'e hannel. Warhammer 40.000 is futuristysk fan opset, Warhammer

Fantasy spilet yn 'e midsieuwen en Warhammer Lord of the Rings is basearre op 'e suksesfolle spylfilm. Lindeman leit út op hokker wize at it spul spile wurde moat. Striders op hynders meie elke beurt tweintich sentimeter ferpleatst wurde. Fuotsoldaten kinne net sa hurd en bliuwe dêrom stykjen op sechstjin sentimeter. De dielnimmers mjitte dizze ôfstannen ôf mei reade liniaaltsjes. As it op fjochtsjen oankomt, moat der mei dobbelstiennen smiten wurde. Dyjinge dy't twa kear de heechste eagen smyt, is wer in stapke tichter by it ynnimmen fan it kastiel of in oar objekt.

8 Sûnt ien jier wurde by Spellekijn Warhammerdagen hâlden. Moarns krije belangstellenden útlis oer de regels fan it spul, middeis spylje se in pear potsjes op ien fan 'e grutte tafels. Wiere leafhawwers kinne elke twadde snein fan 'e moanne meidwaan oan in Warhammertornoai. Dizze byienkomsten lûke gauris sechstich oant santich minsken. Wa't noch net sa bedreaun is yn it spul of in ûnfoldwaande grut leger hat, mei fansels wol yn 'e winkel delkomme om de striid te folgjen. Al dy tafels fol mei kleurige krigers is dochs in prachtich gesicht, fine de meiwurkers fan 'e spesjaalsaak.

*Nei in artikel út STYL,
winter 2003/2004.*

Tekst: Martijn Bakker.

TEKST 3 WURKJE OP 'E TRAUMAHELIKOPTER

- 1 De traumahelikopter fljocht út om akute medyske help te bieden oan slachtoffers fan slimme ûngemakken en rampen. Minskelibbens rêde is it doel, mar de feilichheid fan it medyske team stiet foarop. By min waar en by't tsjuster fljocht de helikopter net en dêryn wurdt gjin inkel risiko nommen. Yn dy gefallen wurdt it Mobiel Medisch Team (MMT) oer de dyk ferfierd, om dokter en ferpleechkundige te plak te krijen. Snelheid is fan grut belang, want it jaan fan libbensrêdende help moat yn de saneamde 'gouden oere' barre.
- 2 Yn Nederlân kenne wy gjin 'griis gebiet' as it giet om it wol of net útfleane litten fan de traumahelikopter. Fleane bart allinnich as der minimaal 1500 meter sicht is. Hoe slim de sitewaasje fan it slachtoffer ek is: sels as it sicht mar in pear meter minder is, bliuwt de heli oan de grûn. "Yn ús lân stiet by fleanferkear de feilichheid fan de bemanning hûndert prosint foarop," ferklearret trauma- en ambulânseferpleechkundige Roelof van Dijk (39) it sekuer hanthavenjen fan regels. "De tastân fan 'e pasjint mei dêrom net subjektyf meispylje by de beslissing al of net te fleanen. Yn 'e praktyk kin dat betsjutte dat in beslút minder geunstich útpakt foar it slachtoffer, bygelyks as wy troch ferfier oer de dyk mear tiid nedich hawwe om te plak te kommen. Mar gelokkich spilet dat mar ynsidinteel."
- 3 Roelof makket diel út fan it helikoptertraumateam fan it Academisch Ziekenhuis Groningen (AZG, tsjinwurdich UMCG) en wurket dêrnjonken by de ambulânsetsjinst yn Ljouwert. "Helikoptertraumateams binne in oanfolling op 'e heechwaardige ambulânsesoarch dy't wy yn Nederlân hawwe. By ûngemakken is it saak slachtoffers te stabilisearjen en se sa gau mooglik yn it sikehûs te krijen foar fierdere medyske help. Dat kinne ambulânseferpleechkundigen poerbêst dwaan, mar by libbensbedriigjend letsel is it winsklik om op it plak fan it ûngemak sels al in dokter yn te setten. Ienfâldichwei om't ferpleechkundigen guon medyske hannelingen net útfiere meie of kinne dy't soms wol needsaaklik binne foar it rêden fan in slachtoffer. Yn dy gefallen wurdt it MMT
- oproppen: in team dat bestiet út in dokter, ferpleechkundige en in piloat of sjauffeur. Yn Nederlân is keazen foar fjouwer heli-MMT's, om't dy deselde lanlike dekking biede as 22 MMT's dy't oan 'e grûn bûn binne. Boppedat is it foardiel fan in lytser tal teams dat se faker ynset wurde en ûnderfining hat in grutte mearwearde yn dit wurk."
- 4 Yn Nederlân binne tsien traumasintra dy't mei-inoar in lanlik dekkend netwurk fan traumasoch yn stân hâlde. De sintra yn Grins, Nijmegen, Rotterdam en Amsterdam hawwe in helikopter dy't fan 07.00 oant 19.00 oere ynsetber is. De fjouwer heli-MMT's fan dy soarchsintra steane oerdeis altyd paraat, dus klear om direkt út te fleanen by in medyske kalamiteit. De ynset fan traumahelikopters kostet lanlik omtrint 10 miljoen euro op jierbasis. In protte jild, mar wol goedkeaper as in grutter tal parate – en dêrtroch djoere – MMT's dat oan 'e grûn bûn is. De fjouwer fleanteams binne boppedat lanlik foldwaande dekkend. Dochs beskikke ek de oare sintra oer in MMT. Mar dy teams binne oan 'e grûn bûn en wurkje allinnich op basis fan beskikberheid. Soks betsjut dat de dokters en ferpleechkundigen ûnder harren gewoane wurk of by in tsjinst thús oproppen wurde kinne. Sy steane dus net paraat en dêrtroch duorret it langer foardat se yn harren buske springe kinne om nei it plak fan it ûngemak te riden. Mar primêr wurdt altyd ien fan 'e heli-MMT's oproppen. Allinnich by nacht fleane de traumaheli's net. Dan wurkje alle MMT's op beskikberheid. Dat hat mei de kosten te krijen. De Nederlânske soarchbudzjetten binne net ûnbeheind.
- 5 Ferpleechkundigen nimme yn it heli-MMT in bysûnder plak yn. Under it fleanen moatte sy nammentlik de piloat stypje, om't in HEMS-flecht (Helicopter Emergency Medical Service) twa bemanningsleden easket. "Ik ha in oplieding fleantechnyk folge, dy't elk jier toetst wurdt," fertelt in entûsjaste Roelof, dy't diel útmakket fan it Grinzer heli-MMT sûnt de helikopter fan it AZG yn novimber 2001 operasjoneel waard. "Navigearje en hjiroer dúdlik mei de piloat kommunisearje is myn taak, sadat wy sa gau mooglik op it goede plak oankomme. Yn 'e heli bin ik assistint fan

'e piloat en pas op 'e grûn ferpleechkundige. Dy dûbelrol kin allinnich problemen jaan as wy in pasjint yn 'e heli nei it sikehûs ferfiere. Dat bart trouwens mar yn tsien prosint fan 'e gefallen, want wy dogge ús wurk op it plak fan it ûngemak en net yn de helikopter. Mar soms beslút de dokter in slachtoffer ûnder tafersjoch te ferfieren yn 'e heli. As myn assistinsje dêr dan fereaske wurdt, bepaalt de piloat oft ik wol of net efteryn sitte mei. Dat kin by helder waar wol, mar as hy it allinnich fleanen net fertrout, dan moat de dokter it sûnder myn help dwaan. Dy kin dan noch beslute de pasjint mei in ambulânse te ferfieren en sels meigean."

- 6 "Yn ús wurk is gau beslute fan it grutste belang. It giet om libbensbedriigjende gefallen, dus wy moatte yn in pear sekonden sjen, beardielje en hannelje. Slachtoffers wurde ús net kreas foarset op in

operaasjetafel. We moatte ús soms yn de frjemdste bochten wringe om ús wurk te dwaan, bygelyks yn in autowrak. Training is dêrom hiel wichtich. Ik sit faak mei myn noas yn 'e boeken, mar we oefenje foaral in protte praktyksitewaasjes. De saneamde 'gouden oere' is bepalend by traumasoarch. Op dy mominten konsintrearje ik my op medysk-technysk hanneljen en net op it slachtoffer as persoan, oars kin ik myn wurk net dwaan. It is in fantastyske útdaging om slachtoffers sa goed mooglik te helpen, sadat slimmer letsel foarkommen wurdt of sels libbens rêden wurde. Ik ha it gefoel dat ik echt wat foar minsken betsjutte kin. Mar ek de dea heart derby yn dit wurk. Ast op it plak fan ûngemak oankomst en do sjochst dat it oer is, dan is it oer. Hiel ienfâldich. Mar ik ha der altyd muoite mei as der in kâns is en immen glipt je dochs tusken de fingers troch."

*Nei in artikel út: Styl juny 2003
Tekst: Amber Boomsma.*

TEKST 4 WETTERSKIP FRYSLÂN

(Dizze tekst is in part fan in advertinsje fan it Wetterskip Fryslân út Natoer, Frysk Tematydskrift fan juny 2004. Boppe de tekst stiet in foto fan in otter yn it wetter mei it opskrift: Syn omwrâld, ús wurkterrein.)

Wetterskip Fryslân hat de soarch foar de libbenskwaliteit fan it oerflaktewetter yn de provinsje Fryslân. Dêrom suverje wy it ôffalwetter, sadat it wer skjin op de Fryske wetters lost wurdt. Troch te soargjen foar skjin wetter en troch it oanplantsjen fan in fariearre begroeiïng yn de wâlen, krije planten en bisten ek in nije kâns. Natuerbehear is ien fan de aspekten dêr't Wetterskip Fryslân tige

5 rekken mei hâldt.

Wetterskip Fryslân, Postbus 36, 8900 AA Leeuwarden, tel. 058-2922222

TEKST 5 FLECHT

(Dizze tekst is in part fan in artikeltsje yn Boeken út de rige Fryske Tematydskriften (nûmer 9), septimber 2004)

1 Diskear is it tema foar de nije Skriuwerskalinder Flecht. In tema dêr't jo as lêzer alle kanten mei útkinne. Dêrby falt te tinken oan in flecht fûgels, foar eat of immen op 'e flecht wêze of hiel letterlik in flecht yn it hier of de flecht fan in mûne. Mar der binne sûnder mis noch oare assosiaasjes, dêr't jo bydragen fan fine kinne op de kalinder. Ek binne der lietteksten, kompleet mei muzykskrift yn de Skriuwerskalinder opnommen. De prachtige yllustraasjes binne spesjaal by de gedichten makke troch de keunstenares Babs Wijnstra út Warns.

2 De Skriuwerskalinder is yn de Sutelaksje te krijen foar mar 3 euro by oankeap fan 9 euro oan Fryske boeken! Los en nei 1 novimber is de priis 9 euro.